

TRIJE LYTSE MÛSKES | GEARTSJE DOUMA

TRIJE lytse mûskes: Snip, Snap en Snút,
Woenen graach nei bûten, woenen der ris út.
'Berntsjes, wês foarsichtich,' warskôge mem mûs.
'Pas op foar de boarre, dy is net foar de poes!'

Trije lytse mûskes gongen op 'e strún,
Dienen moaie spultsjes yn in grutte tún.
Under 't bokje hippen hearden se 'miau'.
'Oe', pipen de mûskes, 'wei wurde, toe gau.'

Trije lytse mûskes skeaten yn har hol,
Trillen fan benaudens, wienen bot oeral.
Mem sei: 'Jim komme de doar hjoed net mear út.'
En joech Snip, Snap en Snút in dikke mûzetút.

